

Tekst by Begrutting 2016, FNP Steatefraksje

Yn it foarste plak de komplimenten fan de FNP-fraksje, foarsitter. Mei de digitale begrutting rint Fryslân fier foarop, troch de amtners is in soad tiid en wurk stutsen om it safier – en sa moai – te krijen. It is ek goed om te konstatare dat it ûnderwerp mynbou no eksplisyt yn haadstik 5 stiet. En fansels ek hielendal iens mei de doelstelling om 100% fan de oanfragen foar nije gasboaringen ôf te wizen.

Fryslân stekt yn 2016 rom € 740 miljoen yn de Fryske mienskip. Der binne ynvestearrings foar in bedrach fan mar leafst € 250 miljoen. De lêsten foar de Fryske boarger wurde ferlege mei in substansjeel bedrach, € 20 miljoen, op jierbasis. De FNP hat altyd sein dat in opsinteferheging in lêste rêdmiddel wêze moat en mei de belestings fan de kommende jierren sitte wy wer ûnder it gemiddelde. De gearfetting fan de begrutting jout al moai oan wat de nije koalysje wol mei Fryslân: legere lesten, mear wurk, inisjativen fan ûnderen op, duorsumens, in balâns tusken lânbou en natoer en ynsette op de Fryske taal en kultuer.

Mei it each op de weromrinnende finânsjes fan de provinsje soe de FNP der foar pleitsje wolle om nei te gean oft de noardlike klusterorganisaasjes op termyn net mear of leafst hielendal op eigen fuotten stean kinne. En dan doel ik net op bedriuwen as Wetsus sels, mar op de 'koepels' lykas dy fan de Healthy Ageing, Energy Valley ensfh. En dat de ferskate bedriuwen en organisaasjes yn sokke sektoaren de saak finansjeel stypje ynsteed dat dat mei mienskipjild dien wurdt.

Foarsitter, it is in nobel idee om te stribjen nei sizzenkip oer de waadfearen. Wat tichterby dy sizzenkip by ús ynweners leit, wat better. Sjoch ek nei de Amelanners, dy't dy kant ek út wolle.

Programma 6, ekonomy. Wy liezen op Liwwadders in ynterview mei de ferantwurdlik deputearre dêr't er eins yn sei dat Fryslân te min mooglikheden hat om echt it ferskil te meitsjen. Sjogge wy dat goed, foarsitter? En wat sil it Kolleezje dwaan mei in earder oernommen moasje dy't dêr oer gie? Nammentlik om te stribjen nei in desintralisaasje fan middels en mooglikheden op it gebiet fan ekonomy nei Fryslân ta? Dan kin ús deputearre De Rouwe folút sizze dat er net allinnich yn wurd mar ek mei deden de regionale ekonomy yn Fryslân stypje kin.

Foarsitter, ien sa'n foarbyld fan te min mooglikheden is dat de FNP konstatare hat dat der yn Fryslân te min mooglikheden binne om begjinnende ynnovative ûndernimmers te helpen kwa finansiering. Dat sil oars moatte. It soe kinne mei in soarte fan Frysk start-up fûns, mei bydragen út de mienskip. Startups.frl sis mar.

Foarsitter, de yntegrale nota Kultuer, taal en ûnderwiis 'Grinzen Oer' rint ôf wat jiertal oangiet, mar ek de dêrby hearrende middels. De nije nota liket útsteld te wurden. Betsjut dit dat it Kolleezje de besteande nota mei in jier trochrinne lit, ynklusyf de finansjele middels? En hoe komt it mei de finansiering fan de materiaalûntwikkeling yn de trochgeande

meartalige learline, dêr't al fan tasein wie dat dêr strukturele finansiering foar komme soe. Dat omdat de Boppeslach-middels ek op binne.

Dan tinkt de FNP oer in twatal moasjes, mar fansels wachtsje wy earst de reaksje fan it Kolleezje efkes ôf foardat wy dy yntsjinje. It giet yn it foarste plak oer de lobby yn Brussel. Neffens it koalysje-akkoart sil dy yntinsivearre wurde, sa is de bedoeling. En wat is der dan moaier as jo it oanbod krije fan in toplobbyist yn Brussel om dêr belangeleas in Fryslân-dei te organisearjen. Sa'n Fryslân-dei, wy tinke oan in dei yn 2017, soe fansels hiel moai KH2018 as kapstok hawwe kinne. Ien jier foar dat grutte evenemint presintearret Fryslân him yn folle glory yn de haadstêd fan Brussel mei súksesfolle bedriuwen, marketing-organisaasjes mar ek mei sport en muzyk fansels. It is goed te witten dat Noard-Brabân al 4 kear earder in 'Brabant-dag' holden hat yn Brussel en dat dat alle kearen tige súksesfol wie. Wy freegje it Kolleezje om sa'n dei te fasilitearjen. Ik kin sizze dat dat fersyk ek troch de fraksjes fan CDA en VVD dield wurdt.

As twadde wol de FNP graach de bern yn Fryslân noch mear genietsje litte fan kultuer mar foaral ek om dêroan mei te dwaan. Sa stiet it ek yn it koalysje-akkoart, foarsitter. Foar de ynfolling dêrfan moatte wy net opnij it tsjil útfine, want oant 2014 wie der al in súksesfolle aksje fan musea en museumfederaasje. Nammentlik 'Help pake en beppe de fakânsje troch'. Mei dy promoasje-aksje waarden yn totaal 75.000 minsken, benammen bern dus, ekstra nei de musea ta lutsen en dat foar in relatyf lyts bedrach. Wêrby't de 30 musea dan sels en op eigen kosten de aktiviteiten organisearren. Dêrom freegje wy, mei ut namme fan it CDA, it Kolleezje om dêr in ferfolch oan te jaan en de musea dêrby te skewielen. Hoecht net mei deselde titel, it giet om it doel fan de kultueredukaasje.

Oant safier myn bydrage yn 1^e termyn.